

Formulier foar de iepenbiere Belidenis fan it Leauwe (troch doopte kategisanten)

Leave bruorren en susters,

Jimme steane hjir foar God en syn gemeente om jimme leauwe te beliden. Ik fersykje jimme earlik te antwurdzjen op de folgjende fragen.

Leauwe jimme yn God de Heit, de Almachtige, skepper fan himel en ierde, en yn Jezus Kristus, syn iennichstberne Soan, ús Hear, en yn de hillige Geast, de Trije – iennige God ¹ fan jimme doop ?

Erkenne jimme dat jimme sûndich en skuldich yn ‘e wrâld kommen binne en dat jimme fan natuere net dwaan kinne wat goed is yn ‘e eagen fan God ? Beseffe jimme dat jimme dêrom bleatsteane oan de grime fan God ² ? Bekenne jimme dat jimme de geboaden fan de Hear gauris oertrêde hawwe mei sûndige betinkens, wurden en deden ? Hawwe jimme dêr berou oer ?

Liuwe jimme dat Jezus Kristus jimme as jimme ferlosser skonken is en dat jimme troch de krêft fan de hillige Geast in diel fan syn lichem is ³ ? Liuwe jimme dat God jimme troch it bloed fan Kristus al jimme sûnden ferjout ⁴ ?

Belide jimme dat de lear fan it Alde en Nije Testamint, sa ’t dy yn ‘e Apostoalyske Belidenis fan it Leauwe gearfette is, en hjir yn dizze gemeente ferkundige wurdt, de wiere en folsleine lear fan ‘e ferlossing is ? Sille jimme, salang ‘t jimme libje, by dizze belidenis bliuwe en alles fersmite wat tsjin it Wurd fan God yngiet ⁶ ?

Oanfurdigje jimme it ûnthjit en de ferplichting fan ’t genedeferbûn fan God, dêr’t jimme doop teken en segel fan is ? Langje jimme dernei God en jimme neiste leaf te hawwen, mei de wrâld fan de sûnde te brekken, wat sûndich yn jimme is ôfstjerre te litten en fol ûntsach foar God te libjen ⁷ ? Unthjitte jimme tsjinstber te wêzen oan de gemeente, trou mei har nei it wurd te harkjen en it nachtmiel te brûken ? Sille jimme jimme willich deljaan oan alle kristlike fermoanningen ⁸ ?

Wat is dêrop jimme antwurd ?

NN (haad foar haad). Antwurd : Ja.

Seinebea

Bruorren en susters : “al moatte jimme noch koarte tiid lije, God, de boarne fan alle genede, hat jimme roppen om yn Kristus Jezus diel te krijen oan syn ivige swidens. God sil jimme sterk en krêftich meitsje, dat jimme steande bliuwe sille en net mear wankelje sille. Oan Him komt de macht ta, foar ivich. Amen.” (1 Petr 5 : 10 – 11) (*kin ek ferfongen wurde troch Heb 13 : 20, 21*)

Of

Mei de God fan ‘e frede, dy ’t ús Hear Jezus, de machtige Hoeder fan de skiep, troch it bloed fan it ivich ferbûn út ‘e wrâld fan de deaden fuortlaad hat, jimme tarrisje mei al it goede, dat

jimme syn wil dwaan kinne. Mei hy yn ýs datjinge ta stân bringe wat him sinniget troch Jezus Kristus, oan wa de eare takomt, oant yn alle ivichheid. Amen.¹⁰

- 1 Mat 3 : 16, 17; Gen 1 : 1
- 2 Ps 51 : 7; Rom 7 : 18
- 3 By folwoeksendoop : ‘... in diel fan syn lichem wurdt?’
- 4 1 Kor 1 : 8, 9
- 5 2 Tim 3 : 16
- 6 Mat 24 : 13; 2 Tim 4 : 3 – 5; Hebr 10 : 24, 25
- 7 Ps 119 : 10; 1 Joh 2 : 15 – 17
- 8 Hebr 13 : 17
- 9 1 Petr 5 : 10 – 11
- 10 Hebr 13 : 20, 21